**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder**

| | |
|---|---|
| Rjochte oan DS / lid DS | Poepjes<br><br>Underwerp: sinneparken Iselmar |
| Ynliedende taljochting (fakultatyf) | Sawol de Ljouwter Krante as it Friesch Dagblad berjochten sneon 31 augustus 2019 oer de komst fan in sinnepark yn de Iselmar by de Ofslutdyk. Ynearsten as lytsskalige proefopstelling, en dêrnei mei it eachmerk om te kommen ta in grutskalich sinnepark op it wetter.<br><br>1.(https://frieschdagblad.nl/2019/8/31/gemeente-klem-toch-proef-met-zonnepark-in-ijsselmeer)<br><br>De FNP hat yn de steategearkomste fan 10 july l.l. hjir al mûnlinge fragen oer steld. As antwurd sei de deputearre doe dat der allinich sprake wie fan in ferkenning. In mooglike bouwstien foar de RES (Regionale Enerzjy Strategy). Der waard ek sein dat der noch gjin definitive kar makke is troch hokker oerheid dan ek.<br><br>2. (https://frieschdagblad.nl/2019/7/11/vroeg-verzet-tegen-plan-voor-zonnepanelen-in-ijsselmeer?harvest_referrer=https%3A%2F%2Fwww.google.nl%2F)<br><br>De berjochtjouwing hjoed ropt dan ek fragen by ús op. |
| Fraach / fragen | 1. Binne jo ta yn de details fan it plan op'e hichte fan it bedriuw Sunfloat? Sa ja fan wannear ôf is dit plan by jo bekend?<br><br>2. Kinne jo ús dat plan takomme litte?<br><br>3. Kinne wy op grûn fan de RIP (it RijksInpassingsPlan) foar de Ofslutdyk noch mear dizze fan inisjativen ferwachtsje dy't yn striid binne of konfliktearje mei besteand provinsjaal belied, it bestjoersakkoart of dy't folslein nij binne? Sa ja, hokker inisjativen binne dat? |

| | |
|---|---|
| Yntsjinner(s) | (fraksje / namme / hântekening)<br><br>Ut namme fan de FNP Steatefraksje,<br><br>Sijbe Knol |

| | |
|---|---|
| Datum | 31-08-2019 |